

Tomke wint in priis!

Tomke griemt mei sân en wetter. Riemkje
Hea, dêr komt Kornelia.
Sy praat drok yn har mobyltsje.
Hipt dan gau nei Tomke ta.

O, o, tinkt it lytse mantsje. Riemkje
Se is lilk. Ik bin sa fiis!
Mar Kornelia moat laitsje.
Ropt: 'Tomke, wy ha in priis!'

Tomke seit: 'Wêr is dy priis foar?' Riemkje
Romke stiet der no ek by.
'Is de priis soms fan de giro,
of in oare lotterij?'

'Nee, de priis is foar twa skriuwsters. Luuk
En dy kenne jim hiel goed.'
'Auck en Riemkje?', freget Tomke.
'Krije dy in priis dan hjoed?'

Ja, dy kinne sà moai skriuwe Luuk
yn ús nijste Tomkeboek!
Oer it swimbad en de boltsjes,
oer de hapkes en myn broek.

'It is wol in bytsje spitich, Luuk
Auck is fuort, is der net mear.
Mar har ferskes en ferhaaltsjes
lêze wy noch elke kear.'

'Stiet ús Luuk ek yn it sintsje?' Riemkje
freget Romke oe sa tûk.
'Want allinne mar ferhaaltsjes
fyn ik gjin moai Tomkeboek.'

Luuk kin alles, alles meitsje. Riemkje
Luuk dat is in tekenbaas:
Tomke, Romke, buorman Piter,
Yana Yu en ... Sinteklaas!

'Bisten, blommen of in boatsje.
Earen, eagen, Romkes sturt.
Mar myn holle is feroare.
Want dy wie wol wat te grut!

Riemkje

Romke ropt: 'Wy ha in feestje!
Hy springt as in gek yn 't rûn.
Tomke siket om syn feesthoed.
Hy hat ek in toeter fûn.

Luuk

Stikem geane se nei bûten.
Nei it winkelsintrum ta.
Elkenien dy moat hjoed witte
dat sy niis in priis wûn ha.

Luuk

Buorman Piter, juffrou Klaske,
Yana Yu, de kranteman.
Omrop Fryslân en de Afûk,
witte dy der eins wol fan?

Luuk

Romke kin hast net mear rinne.
Hy wol nei syn bonke ta.
Tomke toetert noch ien ferske.
En dan.... komt Kornelia.

Riemkje

'Gau de klean oan, yn de auto.'
Hastich geane se op wei.
Want by 't Tomkefeest yn Twizel
hearre sy der eins wol by.

Riemkje

Yn 'e auto freget Tomke:
'Wat foar priis krije se dêr?
Watte?! Fiiftûzen euro!!!?
Dan binne se no miljonêr!'

Luuk

Hjoed ha wy in Tomkefeestje.
En dat makket ús hiel blier.
Elkenien hâldt fan ús Tomke
mei syn kroltsjes yn it hier.

Luuk

Mar no wol Tomke graach koese
want hy hat de put derút.
En jim krije allegearre
noch fan him in dikke ...tút!

Riemkje

Riemkje Pitstra 16 maaie 2019

Wy kinne elkenien foar syn kommen bedanke en ek de sjuery foar it takennen fan de priis. Dêr is de hiele Tomkeklup bliid mei.